

26 mei 1986

Sjueryrapport foar de takenning fan de "Simke Kloostermanpriis".

Opdracht oan de sjuery wie it bestjoer fan it Simke Kloosterman-
lien in advys út te bringen foar de takenning fan de trijejier-
likse berneboekepriis, dy't troch dat lien ynsteld is.

Dêr hat de sjuery meinoar 20 titels fan berneboeken foar lêzen,
útkommen yn 1983 oant en mei 1985. Mei't net in ôfgrinzing oanjûn
wie, hat de sjuery yn har beoardieling likegoed beukerboeken as
berneboeken en jongereinboeken behelle.

Yn har oardiel hat se de folgjende punten meiweage litten: kompo-
sysje, útwurking fan it ûnderwerp, karaktertekening, taalgebrûk,
orizjinaliteit en totaalindruk.

It stie de sjuery tige oan fêststelle te kinnen dat kwaliteit en
kwantiteit yn boppeneamd tiidrek neffens de jierren dêrfoar wûn
hawwe, mei in pear útsjitters lyk as it wurk fan Berber van der
Geest, Akky van der Veer en it "Lês-, sjoch en dochboek, Patat
Spesjaal".

Men kin sizze dat de titels ridlik spraat wiene oer de ûnderskate
leeftiidsgroepen oant likernôch tolve jier. Foar de âldere bern
bleau it aanbod noch krap (4 fan de 20 titels).

De grutte sprieding yn doelgroep en it soarte boeken makken it
foar ús ta in minne goai om alle boeken ûnder elkoar op evenwich-
tige wize te fergelykjen. It liket de sjuery ta, dat it mooglik
better is oare jierren in ûnderskied te meitsjen yn leeftiids-
groepen foar in eigen bekroaning, of foar ien perioade de leef-
tiidsgrins fan tefoaren fêst te stellen.

Unanym is de sjuery fan miening dat diskear it jongereinboek
"Swart op wyt" fan Akky van der Veer mei kop en skouders útstekt
boppe it hiele aanbod. En dat troch de wize, dêr't de skriuwster
har ûnderwerp op útwurket en foarm jout, wylst it boek ek opfalt
troch it bysûnder fersoarge eigentiidske uterlik.

Akky van der Veer - Swart op wyt.

Akky van der Veer hat mei de sechstjinjierrige Femke yn dit boek in grutfanke delset, dat de lêzer lang bybliuwt, krekt as de minsken mei wa't se op de iene of oare wize in bân hat. Tusken snein 14 augustus en 24 augustus skriuwt Femke in boek. It liket earst in deiboek te wêzen, dêr't se alle dagen yn beskriuwt, wat se dy deis meimakke hat en de minsken, dy't belangryk foar har binne. Mar it is mear. Se sjocht ek tebek. Earst tebek nei de lêste freedts fan de fakânsje (12 augustus), doe't der wat bard is dat har hiele libben ûnderstboppest skuort. Fuort is it feilige bernegefoel dat "alles altyd itselde bliuwt". Op fanselssprekkende wize komme har dan dingen fan earder yn 't sin, dy't dêr wer mei te meitsjen hawwe. Sa komt de lêzer oan 'e weet, dat Femke grutbrocht is troch har Beppestyn en har mem op in eilân wennet en wurket. In heit hat se net. Dy wie al dea, doe't sy berne waard. Femke wit syn namme net ienris.

Ien fan de earste kwaliteiten fan dit boek is dat de skriuwster op sa'n knappe wize de beide triedden fan Femke har libben, de iene, dy't har op in stuit ta skriuwen oanset, de oare oer wat dêroan foarôf gongen is, yninoar gripe lit. Tagelyk is alles dat beskreaun wurdt op de iene of oare wize ferweefd mei Femke har besykjen de tizeboel yn har holle útinoar te heljen.

De lêzer kin foaral yn de twadde helte fan it boek wolris eefkes begjinne te twiveljen oft Femke beskriuwt wat se krekt meimakke hat, of eat fan in pear dagen dêrfoar, mei't de beide triedden hieltyd tichter byinoar komme. Wa't mei oandacht lêst, kin lykwols fêststelle dat it allegearre kloppet as in bus.

In twadde belangrike fertsjinste is de wize, dêr't de persoanen har plak op fine yn it ferhaal en sa foar de lêzer komme te libben. It is nochal in hiel rychje minsken, dat yn krinkjes om

Femke hinne tahâldt. It neist binne Beppestyn en har kostgongers, mei wa't Femke alle dagen te meitsjen hat. Dan komme har mem Ida, har freondin Anneke en Oarepake (de heit fan har heit), dy't troch wat se dogge, of krekt net dogge, grutte ynfloed hawwe op Femke har tinken. Fierder binne yn it bûtenste krinkje noch wat minsken, mei wa't se op skoalle te krijen hat. De skriuwster lit ús dy minsken konsekwint sjen troch Femke har eagen. Sy is it dy't ús beskriuwt hoe't se mei dy minsken omgiet en harren besjocht. Alle persoanen ha in eigen skiednis en eftergrûn, dêr't se út wei hannelje en Femke tilt út en troch in tipke fan de sluier op foarsafier 't se der sels weet fan hat. Dy oanpak makket de lêzer nijsgjirrich nei dy oare minsken, dat se wurde net allinnich foar Femke, mar ek foar ús belangryk. Foar Femke binne se belangryk yn it besykjen oarder op saken te stellen. Se tsjinje om samar te sizzen as spiegel, dêr't Femke dúdlik troch wurdt wat foar har yn it libben belangryk is en wat net.

Dizze teener tipt dêrby oan hiel wat minskeleed en guon sille bytiden sizze: "Wie dêr no ferlet fan yn in jongereinboek". De tredde fertsjinste fan de skriuwster is lykwols krekt dat se Femke midden yn it libben set, har de eagen iepengean lit foar wat efter de fasades sit. Dat se har út it feilige bernewrâldsje hellet en har dochs oan de ein in eigen hâldfêst fine lit. En al komme in protte minsklike problemen yn it ferhaal foar, it wurdt nearne in swier probleemboek. Dat komt troch Femke har wize fan fertellen. Femke is en bliuwt in teener. Se besjocht de minsken yn harren dwaan en litten kritysk, direkt en mei humor. Har ge-prakkesear oer horoskopen en muzyktektsen past dêr ek yn.

It is in blier boek. De skriuwster lit dêryn de minsken mei har eigenaardichheden nearne ta karikatueren ferwurde. Se set se krekt mei respekt foar dy eigenaardichheden libbensecht del.

It taalgebrûk foarmet ek in ienheid mei de hiele oanpak. Oan de

iene kant is it in teenereigen taalgebrûk, oan de oare is it helte riker as dat fan de trochsneed teener. It linige en byldzjende taalgebrûk makket dat it boek plezierich lêst. Minsken en situaasjes wurde mei in inkeld wurd karakterisearre. Binnen Femke har ferhaal uterje allegearre yn wat se sizze har op in eigen wize, dy't past by har karakters en hoe't se har op dat stuit fiele.

Gearfetsjend kin sein wurde dat de skriuwster it ûnderwerp fan in teenerfanke, dat wrakselet mei de libbensfragen: "Wa bin ik, wêr kom ik wei en wêr gean ik hinne", op unike wize foarmjûn hat mei har harsels fine te litten tusken de minsken om har hinne, dy't elts op eigen wize ek mei dy fragen te krijen hawwe. De kombinaasje fan kwaliteiten yn skriuwstyl, ferhaalfoarm en karakterisearring fan de persoanen makket "Swart op wyt" ta in boek dat net allinnich dúdlik útsteekt boppe de Fryske jongereinboeken, mar ek nei in oersetting grif Nederlânske boeken nei de kroan stekke soe.

De sjueryleden:

S. van Foeken

W. Goeman-van Randen

D. Rienks-Wallinga

D. Rienks - Wallinga